

MOASJE

Wurklistpunt: 4. Kadernota 2017 / Program 5 - Leefomjouwing

Underwerp: Boartersplakken

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 07-07-2016

Ropt it kolleezje op om:

- earst mei de Pleatslik Belangen en buertferienings te oerlizzen oangeande it gebrûk fan de boartersplakken.
- dêrtroch te kommen ta de jûste byldfoarming , en dêrop it belied foar de boartersplakken fêst te stellen.
- net op foarhân al in struktureel bedrach op te nimmen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- Dizze besuniching treft de swaksten yn ús mienskip en wol de bern.
- Troch de besuniging op it meanen binne der al minder fjiltsjes wêr as de bern boartsje kinne.

Ut namme fan de FNP, IJde van Kammen, 07-07-2016

Stemming:

Voor: FNP, VVD, GBA, CDA, CU (18)

Tegen: PvdA (3)

Aangenomen